

## Krytyk yn 't koart:

## TASPRAEK FAN JO SMIT

út namme fan de Advyskommisje Gysbert Japicxpriis 1967, hâlden to Boalsert 12-10-'67.

'Dy advyskommisje, hwat bin dat foar minsken', rôp in pear dagen forlyn immen dy't dêr nijsgjirrich nei wie yn in yn-stjûrd stik yn 'e kranke út.

It muoit my dêrom dat hjir inkeld mar ien lid fan dy komisje toand wurde kin. Der wiene oars trije, dy't hjir sa moai op in rychje sitte kind hiene, as harkje, sjoch en rabje net.

It hege wurd moat der mar út: de beide oare leden, juffer Piebenga út Grins en prof. Galama út Hilversum binne bihindere, beide om't se kolleezje jaen moatte. Dêr folget dus, hwat pylklik, út dat ik blykber al mist wurde koe. En it gefolch dêrfan is wer dat ik it wurd hjir fiere mei.

Dat doch ik graech, om't ik dochs wol in pear dingen sizze wol ear't ik oan it eigentlike advys takom.

Der is om dizze priis nochal hwat skreaun, en dêr meije wy o sa wiis mei wêze: it biwiist dat de literatuer libbet by it folk, dat de literatuer foar wichtich hâlden wurdt en de lju ynteressearret.

Ik wol my hjir net yn 'e diskusje minge, mar my by hwat feitlikheden hâlde.

Alderearst: de opdracht oan 'e komisje wie om oan to wizen hokker Frysk proaza-wurk út de lêste fjouwer jier it bêste wie en as sadanich foar de priis yn oanmerking kaem. Sa en net oars hawwe alle trije leden fan 'e advyskommisje it ek opfette. Hja hawwe har foarljochtsje litten oer hwat der allegearre forskynd wie en dat wie net in bytsje. Doe hawwe se yndividueel in hiel soad neilêzen en doe't se foar de earste kear byinoar kamen, bleauwen der fiif nammen oer. Nei mien-skiplik hifkjen en bisprek bleauwen der yn de folgjende sitting twa nammen oer.

Doe die bliken dat twa leden de kar joegen oan it boek fan Riemersma, ien oan *De Fûke* fan Rink van der Velde.

De komisje siet der hwat mei en woe graech in ienriedich advys útbringe.

Doe hawwe se alle trije de twa boeken jitriss lêzen en har bitinken op papier set. De útslach wie dat twa leden de foarkar joegen oan *Fabryk*.

Dat hat gjin skeel as tusken Skier en Fet towel brocht ûnder de trije leden. Hja hawwe inoar net op dichterlike wize by de hûd hawn, mar hawwe bisocht ûnder de omstannichheden fan har advys to meitsjen hwat der fan to meitsjen wie. Elts wie en is oertsjûge dat elts fan de trije nei eare en gewisse keazen hat foar hwat sy of hy it bêste achte. As noat en foar de skiedskriuwerij mei oantekene wurde dat der gjin sterke drank brûkt is ûnder de slaven. Ik leau al dat ik oan Deputearre Steaten, dy't oars noch net witte as in 'minderheit' en in 'mearderheit', forskuldige bin de nammen fan dy anonyme groepearingen to neamen. It moaije wie dat it net gie âld tsjin jong, of Hilversum tsjin Grins of manlju contra it froulike elemint. It wie prof. Galama, al hwat âlder lykas Jo Smit, wenjend yn Hilversum lyk as Jo Smit dy't de minderheit foarme by dit inoar ûntrinnen fan literaire oardielen.

Dat in jonge skriuwer oanwiisd wurde koe as winner wie de hiele komisje o sa nei 't sin, mar hat nea as elemint yn de diskusjes meispile.

En nou dan it advys fan de komisje:

De Kommisje fan Advys foar it takenen fan de Gysbert Japicxpriis 1967, neffens Jins bislút fan 28 april 1967, ôfd. 2, nû. 5469 gearstald út juffer drs. G. A. Piebenga to Grins en de hearen prof. dr. E. Galama en J. Smit to Hilversum, docht Jim to witten, dat se as har foarsitter oanwiisd hat prof. dr. E. Galama to Hilversum.

It is de Kommisje spitigernôch net slagge ienriedich ien en itselde wurk foar it takennen fan de priis oan to wizen. It resultaat fan wiidweidich oerliz en bisprek hat west, dat twa fan de leden har foarkar útsprekke foar *Fabryk* fan Tr. Riemersma,

útjown yn 1964, en ien lid *De Fûke* fan Rink van der Velde, útjown yn 1966, foar kar nimt.

Neffens de hiele Kommisje is it oan de oare kant om der wiis mei to wêzen, dat ûnderskate wurken foar de priis yn 'e bineaming komme koenen, om't it biwiist dat it peil fan it proaza op 't heden ridlik heech is. Ommers al is it wier, dat de Kommisje net ta ienriedichheit komme koe hokker wurk by einbislút foar de priis to advisearjen, de mearderheit wie it der wol oer iens, dat de foarkar fan de minderheit in pûrbêst boek gou. Hie *Fabryk* der net west, dan soe de hiele Kommisje ienriedich R. van der Velde de priis ta hawn hawwe wolle, om't ek *De Fûke* neffens de hiele Kommisje oan de hege easken dy't foar de Gysbert Japicxpriis steld wurde moatte, foldocht.

De mearderheit fan de Kommisje hat it neifolgjende oardiel oer *Fabryk* fan Trinus Riemersma.

De roman *Fabryk* fan Trinus Riemersma is yn mear as ien opsicht in moderne roman. Hy is dat mei't er spilet yn yndustrialisearre milieu en dat net inkeld as tafallich dekor, mar as biskiedende ynfloed op it wêzen fan de personaesjes. De titel: *Fabryk* is dan ek yn al syn koartens o sa krekt. Modern is ek de wize hwerop de haedpersoan stal krijt. Net de romantyske helt, mar likemin de lytse wrotter, dy't gauris mei poëtysk ljocht oergetten troch de Fryske literatuer doarmet. Wol is hy de underdog, mar it binne net syn positive kanten dy't har net fordrage mei de easken fan tiid en milieu; it is foar in great part it eigen tokoart, in greate sloppens, dy't meitsje dat dizze man net opkin tsjin it fabryk. It fabryk sloopt him en driuwt him ta in flecht yn it pathologyske. Dizze flecht wurdt ús mei in great stilistysk formogen foarset, sûnder hokker opsetlikens. De hjirfoar relevante tekens binne opnommen yn de foarmjowing fan it hiele ynderlik libben fan de man en wurkje dêrtroch djipper as iensidich nei foaren skouwen kind hie. Man, sykte, milieu, alles komt gear yn in rige fan momintopnimmingen út it libben

fan de haedpersoan.

Dúdlik is de masterlike wurkwize fan de skriuwer nei to gean oan de útbylding fan it fabryk sels, dat nearne eksplisyt biskreaun wurdt, mar jin dochs klear foar eagen komt to stean, om't it hielyd funksioneel oanwêzich is, ús yn aksje toand wurdt.

As *Fabryk* inkeld it forslach wie fan in syktegefal, soe de yndruk dy't de roman neilit net sa great wêze. *Fabryk* is mear, it is de roman fan de yndustrialisaasje yn de twade helte fan de tweintichste ieu, dêr't it pathologysk gefal mar in ynsidint yn is, al is it dan in ynsidint dat universêle bitsjutting hat.

Yn ditselde forbân mei der op wiisd wurde dat de oerwinning fan de haedpersoan oan 'e ein in Pyrrhusoerwinning is, mei in bitsjutting dy't har fier úttilt boppe it gewoane gefal.

Psychologysk is dy foroaring fan de haedpersoan net inkeld folslein forantwurde, mar fan greate symboalyske krêft. Yntrovert rjochte biwustwêzen is kompensatoarysk forboun mei in ekstravert ûnbewuste en by in trochbraek fan de ûnbewuste ynstelling krijt it subjektive materiaal in suver magyske bitsjutting.

*Fabryk* is net inkeld stilistysk in treflik stik wurk, ek de konstruksje is pûrbêst. It iennichst hâldfêst yn dy konstruksje is it forrin fan it syktegefal, dat inkeld as fage oantsjutting oanwêzich is. Wylst men by it lêzen it gefoel hat it libben sels to trappearjen, yn fragmintaryske stikjes dy't tafallich oanwêzich binne, blykt by analyse efterôf, dat de skriuwer mei greate ekonomy to wurk gien is en der winliken gjin wurd to folle yn it boek stiet. In episoade as de busreis mei de debile jonge en syn âlden is in masterstik fan útbylding. Mei in minimum oan biskriuwjng jowt de skriuwer in maksimum oan yndruk, dy't boppedat noch fuortsterke wurdt, troch it plak fan de episoade yn it boek en de symboalyske wearde derfan. Mei *Fabryk* docht de yndustrialisearre minske syn yntre yn de Fryske literatuer en docht dat op in yndrukwekkende wize, in bikroaning mear as wurdich.